

**DE HILLIGE TRÊSKE FAN LIZEJEU**  
of  
**HOE'T AGNES CAERS DE KLUIT**  
**MYTOLOGYSK BELAZERE**

Josse de Haan

*Frysk, s. 79: 'bestean: wyt(=doel)leaze rin fan neat nei neat'.  
Ned: 'zijn leven, een avontuurlijke reis, doorgang van niets naar  
niets'.*

De ferteller yn de lytse roman *leafdedea* fynt it libben doelleas, allinne it boartsjen makket it akseptabel. Yn de oersetting is wyt(=doel)leas aventoerlik wurden, en dat is in essinsjeel ferskil.

It lêste haadstik fan *leafdedea*, de lytse roman fan homme ernstma út 1963, is troch oersetster Agnes Caers yn de Frânske oersetting (1997) net opnommen. De redakteuren fan de KU – Trinus Riemersma, Piter Boersma, Teije Brattinga en Josse de Haan – hawwe dat doe net yn 'e rekken hân. Feije Sixma van Heemstra (homme ernstma) hat oan de KU net ferteld, dat de Frânske ferzje net deselde wêze soe. De KU hie de 2<sup>e</sup> printinge mei in wiidweidich neiskrift yn 1994 útjûn. De skriuwer hat yn dy tiid de rjochten foar 1000 gûne oan de KU oanbean, want hy hie ferlet fan jild, neidat in frommeske him yn Den Haach 'oan reapsein' brocht hie.

De mearderheid fan it bestjoer fan de KU wie tsjin keapjen fan de rjochten. De redakteuren hawwe net sjoen dat de oersetster neffens eigen sizzen it manuskript (te lêzen op de siden fan DBNL) *goddeliker en poëtysker* makke hat. Mei oare wurden, it boek fatsoenearre en sinsurearre. It lêste haadstik paste neffens har net yn it boek.

Dat lêste haadstik is fan essinsjeel belang, omdat de roman it ferhaal fertelt fan Jonker Wibe fan Holdinga en Eabeltsje, de dochter fan de túnbaas Oane, dy't as bern boartsje yn de tún fan de State, en dat letter as folwoeksenen trochsette. De namme Eabeltsje betsjut *Ea Belle - Ienris Moai*.

Johan Huizinga syn boek *Homo Ludens - De boartsjende mins* is troch de skriuwer homme ernstma as útgongspunt nommen, nettsjinsteande er himsels de *earnstige mins* neamt. Dat is al in foarm fan boartsjen mei tsjinstellings. Van Heemstra hâlde fan gekoanstekken, dat foar him ek in soarte fan boartsjen ynhâlde. De tsjerke hie er op in pypfol, en de hele rimram der omhinne ek.

Yn it lêste haadstik beskriuwt er de sitewaasje fan de sikesuster dy't in godlike gleonens fielde doe't se yn har fisioen seach, dat Wibe en Marije tegearre neaken al frijend de himel yn skeaten. Wibe hie by syn libben al de himelske leafde preaun, en de sikesuster dy't dat eroatysk spultsje sjoen hat, hie har godlik geil field. Sterker, se fielde har as de 'Hillige Trêske fan Lizejeu'.

Yn datsoarte sênes is de skriuwer op syn bêst – boartsjend mei de taal, boartsjend mei it leauwe en de hilligen, en foaral boartsjend mei de erotyk.

Yn *Trêske* sit it wurd trije (Wibe, Marije, sikesuster, en/of Wibe, Eabeltsje, nicht Elise) - de haadfigueren yn it boek. *Lizejeu* is helendal in kombinaasje fan boarterijkes: *Lize* is de nicht Elise dy't yn de surrealistyske 'ytkopulaasjeleafdessêne' eroatysk opiten wurdt. It wurd *jeu* is it Frânske wurd foar spultsje/boarterijke, sa't ek Huizinga dat bedoeld hat yn syn *Homo Ludens*. De parallelly tusken de sêne mei Wibe en Elise, dy mei Wibe en Eabelle(tsje), en dy mei Wibe en Marije falt yn it each.

Mar dat is noch net alles. Yn de namme fan de hillige Theresia de Lisieux lies Van Heemstra yn it wurd *Lisieux* it Frânske *Licencieux*, dat hyt of geil betsjut. De sikesuster wie folslein op 'e rin slein troch har eroatysk fisioen.

Yn de surrealistyske wrâld fan *leafdedea* past it om kommentaar of kryptyk te hawwen op religy en/of leauwe. Yn it lêste haadstik bart dat dan ek. De sikesuster praat tefolle oer wat se sjoen hat – de tsjerke neamt it in 'dream' – en se wurdt sûnder ynintsjen nei in missypost stjoerd. Dêrtroch stjert se dêr al ridlik gau. Se krijt gjin sakraminten fan de stjerrenden. Se hie der ommers gjin ferlet fan – se hie alles al meimakke doe't Wibe en Marije elkoar frijend fûnen yn de dea. Allegearre grapkes fan de skriuwer.

De lêste grapkes fan de skriuwer yn dit einhaadstik hawwe te krijen mei it doarp, dêr't de haadpersoan Wibe fan Holdinga net op in goeie namme lei. Dat hat net allinne mei Eabeltsje en har sân wylde bern te krijen. Nei syn dea komme der swankebasten op de State te wenjen, en dêrnei asosjale fammen út de grutte Stêden. Yn de buorren sizze de lju dat dy âlde Wibe har dat wer levere hat.

In yndirekte krityk op de konservative hâlding fan it plattelân tsjinoer de stêden, huorren en drankferslaafden. Haadstik V is sa in prachtich beslút fan de roman, en essinsjeel foar de surrealistyske en boartsjende wrâld dy't de skriuwer opropt. Dêr woe de oersetster neat mei te krijen hawwe, en (dus) hat se haadstik V skrast yn de Frânske en Nederlânske oersettings – sij seach allinne mytologyske wrâlden, dy't se ek by Baskyske dreamers lykas har man Federico Krutwig Sagredo tsjinkommen wie.

## **FERLYKJEN FRÂNSKE OERSETTING-FRYSK ORIZJINEEL**

Yn it orizjineel (1963) brûkt de skriuwer twa wichtige útdrukkings:

*want de tún dat wie syn libben –*

*want de tún dat wie har libben (Eabeltsje, Wibe+ Eabeltsje) –*

Dy tún is de metafoar foar it boartsjen dêr troch de lytse bern Wibe en Eabeltsje ('heit-en-memke-boartsje'), letter foar it boartsjen tusken de folwoeksen Wibe en Eabeltsje – yn de tún of earne oars. De tún is ek de metafoar foar neitinken, foar meditaasje, foar nostalgysk weromsjen. Yn de tún (letterlik en figuerlik) fielde Wibe him op syn gemak. Dêr hie er syn earste eroatyske ûnderfining mei Eabeltsje doe't er 12 wie. Dêr hie Eabeltsje syn 'skonk' liend, neidat se ien fan har skonken kwyt rekke wie. Yn dy tún hie Wibe de earste bern oansetten by Eabeltsje.

De oersetster yn it Frânsk hat dit feroare yn in algemiene neatsizzende klisjéútdrukking:

*car le jardin, voila la vie -*

*want de tún, dêr is it libben -*

Dit hat in oare betsjutting – Wibe en Eabeltsje binne sels de tún, yn de tún en bûten de tún, en as it noch wat sterker beskreaun wurdt út it eachpunt fan Wibe, dan wie Eabeltsje de tún sels, it libben sels. *Yn dat túntsje woe hy wol wjudzje en siedzje.*

De oersetster skiedt de tún fan Wibe en Eabel fan it libben op himsels. Se feroaret de poëtyske betsjutting, wylst se seit dat se alles poëtysker makke hat. Se deadet de eroatyske faktor, se sinsurearret sa't se dat letter faker docht. Se brûkt de útdrukking oer de tún nei elk haadstik, wylst dy yn it orizjineel foar 't ljocht komt as it sinfol is, en mei Wibe en/of Eabeltsje te krijen hat. Bygelyks as twa holders om har hinne fleane en der in gouden ljocht om de holle fan Eabeltsje skynt (parallelly mei letter Maria doe't se frijde mei Wibe op syn stjerbêd).

Op side 17 fan de Fryske edysje brûkt de skriuwer de wurden *wy sille joetse*, útsprutsen troch Eabeltsje fan 14 jier, en fêst in wurd dat se thús heard hat. Direkt en in bytsje rûch. Yn it Frânsk fan Caers wurdt dat *nous ferons l'amour*, wylst it tiidwurd *copuler* hjir op syn plak west hie.


As Wibe te let thúskomt seit er dat er 'heit-en-memke' boarte hat en in soan krigen – Eabele Ale. Syn mem seit yn it Frânsk dat je nei it krijen fan in soan net mear *patois* prate.

Wibe praat Frysk, mar de oersetster hat dat hjir kursivearre, sadat it ôfwykt fan it Frânsk, en seit dan yn in noat, dat soks in dialektfariant fan it Frysk is, werhelle yn it klassike Frysk. Mar se hie hjir sizze moatten dat de nammen Eabele Ale ôflaat binne fan Eabeltsje en de heit fan Wibe.

Dêrnei breidet se der út it neat noch 6 rigels oan fêst dy't oer Wibe gean - dat er gjin honger hat, dat er nachts swittend wekker wurdt, en dreamt dat er yn de tún is. Yn it Frysk bestiet dizze tekst net. 'Poëtysk' hie it trouwens west as se wat skreaun hie oer de trouwing yn de foarm fan de heale wjirm dy't beide bern opiten en yn 't liif hawwe – sa't Eabeltsje tsjin Wibe seit.

Op side 26 fan de Fryske ferzje (1994, 2<sup>e</sup> pr.) stiet yn it Nederlânsk in titel fan Darwin – *De afstamming van den mensch en de sexueele teeltkeus*. De oersetster hat dit net oersetten foar de Frânske lêzer, mar skriuwt yn in noat:

‘Dizze tige linkser makke titel fergelike mei it orizjineel ferriedt wat oer de belangstelling fan de oersetter-Jonker (= Van Heemstra, JdH). Mar yn it geheel fan it boek – de Jonker set 7 bern oan by it arbeidersfamke Eabeltsje – jout it ynhâldlik en funksjoneel iroanysk kommentaar op dat wat der bart (*sexueele teeltkeus*).



*quatrebras*, 1963 – 1<sup>e</sup> printinge Frysk

**OANPASTE FRÂNSKE en NEDERLÂNSKE OERSETTINGS**  
(in tafallige kar)

Side 40, Frysk orizjineel *leafdedea* '63 en '94: *Wibe hie prakkesearre oer maitiid, lok en leafde*;  
Ned: *Wibe had gemijmerd over de liefde en transacties*;  
Frânsk *Amourmort* '97: *Wibe s'est laissé aller à rêver de printemps, de bonheur, et d'amour* ;

- „ 41, Frysk: *sa neaken*;  
 „ 63, Frânsk: *quasi nue* (hast neaken);  
 „ Ned: *zo kaal*;
- „ 44, Frysk: *tute har titsjes*;  
 „ 67, Frânsk: *les tétons qu'il mordille* (boarsten dy't er knabbele);  
 Ned: *klemde de tepels tussen de lippen*;
- „ 44, Frysk: *biet en sûgde er yn syn tinzen op E's swietrûkende bealchje*;  
 „ 67, Frânsk: *il suçote et machonne l'œuf à peine* (sûgde en kôge er it posjearre aai, har búk) ;  
 Ned: *likte en beet in gedachten aan E's rozige buikje*;
- „ 45, Frysk: *as hold er Elise yn syn earmen*;  
 „ 68, Frânsk: *il la teint serrée de ses deux bras contre lui* (drukt har tsjin him oan);  
 Ned: *Hij hield haar in zijn armen*;
- „ 45, Frysk : *Tsjin syn antlit roek en fielde er Elise's beswitte lichemshier; it prikele him yn 'e noas, oer de lippen, ja oer it hiele antlit*;  
 „ 68, Frânsk: *son visage est tout proche du sexe d'Elise* (syn gesicht is heel ticht by it geslacht fan Elise – poëtysk?);  
 Ned: *Tegen zijn gezicht voelde en rook hij Elises bezwete schaamhaar; het prikkelde hem op neus en lippen (fierder skrast, JdH)*;
- „ 45, Frysk: *Hy fielde it liljen fan Elise's fleis. De lippen fan har liif seach er sêft bewegen*;  
 „ 69, Frânsk: *Il sent la chair d'Elise trembler. Il voit les lèvres de la vulve frémir* (vulva – poëtysk?) ;  
 Ned: *Met zijn lippen voelde hij de zachte beweging van Elises schaamlippen*;
- „ 47, Frysk : *Tagelyk state er ta. In leaflike gleonens gong him oer de lea*;

- „ 71, Frânsk: *Au même moment, il la pénètre. Une transe divine lui parcourt tout le corps* (Op itselde eagenblik penetrearre er. In goddelijke trance luts him troch syn lichem – poëtysk ?);  
Ned: *Met zijn duim in gedachte tegen de binnenkant van Elises bovenbeen stiet hij tegelijk toe. Een hemelse gloed doortrok zijn wezen;*
- „ 52, Frysk : *‘Misbrûke! Hoe dat sa?’ rôp Wibe;*  
„ 78, Frânsk: *‘Sacrifier! Et puis alors!’ s’exclame Wibe* (sacrifier is offerje, en dat is gjin misbrûken);  
Ned: *‘Misbruik? Hoezo?’ riep Wibe, hard en doordringend.*
- „ 53, Frysk: *En Wibe gong nei de tún, want de tún dat wie syn libben;*
- „ 80, Frânsk: *Wibe retourne au jardin...car le jardin, voila la vie* (it ferskil tusken **syn** libben en **it** libben – vie);  
Ned: *Zonder het van plan te zijn, liep hij als vanzelf naar de tuin, WANT DE TUIN, DAT IS HET LEVEN;*
- „ 57, Frysk: *Hy hie der in kreaze faam oan, mar frijwat in gleonen ;*
- „ 84, Frânsk: *une personnalité un peu trop forte* (in persoan dy’t in bytsje te sterk is – en dat is net gleon, en net poëtysk);  
Ned: *Het was liefde op het eerste gezicht. Het was en bleef een gelukkig huwelijk.*
- „ 61, Frysk: *want de tún dat wie **har** libben (=Eabeltsje + Wibe);*  
„ 90, Frânsk: *car le jardin, voila la vie* (want de tún dat is it libben);  
Ned: *Want de tuin, dat is het leven;*
- „ 63, Frysk : *ik bin sa alderheislikste joepsk;*  
„ 92, Frânsk: *je suis excitée* (ik bin prikele – poëtysker?);  
Ned : *Ik ben toch zo verlangend;*
- „ 64, Frysk: *parallelly Eabeltsje en Maria yn de leafdesdea - ‘pearjend’ yn de leafdesdea (fgl. Wibe + Maria);*

- „ 93, Frânsk : idem ;  
Ned: wol parallel, mar minder ‘leavjend’ op wat al folle faker bard is, as soe it de earste kear wêze (7 bern tegearre);
- „ 64, Frysk: ‘*Och kristmesiele, hoe is it mûglik!*’, hoalle Eabeltsje;  
„ 93, Frânsk: ‘*Bon Dieu du ciel!*’ s’*exclame Eabeltsje* (poëtysk?);  
Ned: *Hoe is het mogelijk, hoe is het mogelijk. Daar loop ik waarachtig weer op mijn twee benen;*
- „ 66, Frysk: *Wylst de teannen him troch de fingers glieden, jit fol fan moude út de himelske tún;*
- „ 96, Frânsk: *poussière du jardin d’autrefois* (de tún fan eartiids – mei oare wurden, it wurd himelsk mei hjir net brûkt wurde, wylst dat no krekt de kaai is fan Eabelle en Wibe – se hiene de himel al op ierde; mei Maria preau hy yn de leafdesdea al by libben de himelske leafde, lykas mei Eabelle; it wie op ierde dat se it leafdesspul fuortsetten yn de paradystún – *le jeu amoureux se prolonge dans le jardin de paradis* (s. 96);  
Ned: *Wibe liet de vingers door de tenen glijden, vol met modder uit de hemelse tuin;*
- „ 66, Frysk: *boppeïerdske leafde* ;
- „ 97, Frânsk: *l’amour surnaturel* (de oersetster makket it hjir himelsk – *surnaturel*, wylst de skriuwer de hele sêne as in surrealistyske performins beskriuwt;  
Ned: *Tovertuin (yn feite surrealistysk, mar dat mocht net mear fan Caers en De Jong);*
- „ 66, Frysk: *Op it stuit dat se oaninoar giene wie Eabeltsje folslein oerstjoer;*
- „ 97, Frânsk: *l’instant de l’abandon mutuel, Eabeltsje en est bouleversée* (op it stuit dat se har ferienigen rekke Eabeltsje fertize);  
Ned: *Toen ze zich aan elkaar overgaven, raakte Eabeltsje overstuur. Ze brulde: ik besterf het, ik besterf het.*
- „ 73, Frysk: *Ferhâlding Holdinga-State en de buorren wie altyd*




- min west* (sjoch lêste haadstik V);
- „ 104, Frânsk: *Les relations entre Holdinga State et le voisinage ont toujours été mauvaises* (lêste haadstik mist !);  
Ned: *De verhouding tussen Holdinga State en de omwonenden was altijd slecht geweest*;
- „ 73, Frysk : *wiene de Roordalju lulk – slaven fan it Holdinga-Kapitaal* (iroany fan de skriuwer);
- „ 104, Frânsk: *les partisans de Roorda – les esclaves du capital Holdinga* (as noat skriuwt de oersetster: ‘Roorda wie de lieder fan de anargo-sindykalisten yn Fryslân’, wylst er kommunist wie, en letter Psp);  
Ned: *De bakker, een vurig aanhanger van Gerrit Roorda, hoofdman van de Friese anarcho communisten, doceerde: we worden hier gedwongen ons leven te slijten in de diepe duisternis van het Holdingakapitaal*;
- „ 75, Frysk: *goud, it ealste en meast himelske metaal*;
- „ 110, Frânsk: *or, métal noble et divin* (divin is goddelik, en dat rint net gelyk mei himelsk – as de skriuwer dat goddelik bedoeld hie, stie der net himelsk);  
Ned: *goud, het hemelse metaal, de prima materia*;
- „ 77, Frysk: *hieltiten wer it wurdsje ‘tún’*;
- „ 112, Frânsk: *répéter le mot ‘jardin’* (hy bedoelt syn tún, en net in tún, want it is **syn** libben en net **it** libben sa’t de oersetster oan de ein fan de haadstikken fertaalt;  
Ned: *telkens weer, het woord tuin te horen (sûnder ‘’)*;
- „ 78, Frysk: *in blijblauwe mei goud oerdutsen jûpe oan*;
- „ 113, Frânsk: *Sa jupe est toute pailletée d’or* (it fergetten blijblauwe is hjir wichtich, want letter wurdt dy in ienheid mei de blauwe baldakyn fan it bêd en Marije, en boartet Marije neaken mei Wibe op it bêd;  
Ned: *een lichtblauwe japon met gouden lovertjes*;

- „ 79, Frysk: *Hy hie syn libbenswyt ferwêzentlike. Jit by syn libben hied er de folsleine en himelske leafde preaun;*
- „ 115, Frânsk: *Son but est atteint. Il a savouré l'amour parfait et divin au sein même de la vie* (ek hjir is wer divin – goddelik – brûkt, wylst dat der net stiet; libbenswyt is libbensdoel – mist yn oersetting.  
Ned: *Wibe had zijn einde gevonden (is hjir passief, yn it Frysk aktyf). Zijn levensdoel was gekomen. De metamorfose bereikt. Het goud gevonden. De hemelse liefde geproefd;*  
*opm: 'jit by syn libben' is net oersetten; 'metamorfose' is in eufemisme fan Caers;*
- „ 79, Frysk: *Jit by syn libben hied er de folsleine en himelske leafde preaun. Dat hied er kinnen want de tún, de ôffreding, it beslettene fan de memmeskirte, de bining tusk dea en berte, libbens- en leafdesline mei syn ûnbidige jeften fan fruchtberens, foar him yn wêzen in wierlik wytleaze rin fan neat ta neat, dát wie hiel syn bestean, foarstêd fan it paradys;*
- „ 115, Frânsk: *Wibe a vécu au jardin – monde clos, encerclement du giron maternel, mort et naissance, qui ne font qu'un ligne de vie et d'amour au pouvoir illimité de fertilité. Un voyage à l'aventure. Un passage de rien au rien. Telle fut la vie de Wibe, au jardin, portail du paradis.*  
(de tún is hjir de metafoar libben en leafde, foaral dy mei Eabeltsje – 7 bern tegearre – it libbensdoel (folsleine leafde) berikt. It wie in doelleaze tocht fan neat nei neat, syn bestean. It libben as *foarstêd* hat gjin doel, en dus it paradys ek net. It iennige doel fan de mins is it boartsjen. De oersetster hat it doel as in goddelik (paradys) sjoen. Se ûntkent it grutte NEAT – it echte paradys fan de mins (tekst).  
Ned: *Wereld op zichzelf*

*Beslotenheid van de moederschoot  
Binding tussen vergaan en ontstaan  
Leven- en liefdelij  
Met de oneindige kracht  
Van vruchtbaarheid.*

De oersetster hat hjir de folsleine leafde fan Wibe mei Maria (= 'Eabeltsje-2') – preaun by syn libben – negearre. Ek de sân fruchten (bern mei Eabeltsje) as jeften wurde fergeffen.



*Koperative Utjowerij, 1994 – 2<sup>e</sup> printinge Frysk,  
mei in wiidweidige útljeding oer de surrealistyske aspekten*

## **LIEFDEDOOD is in ynfalide, korrupte en poerminne oersetting**

Oan lytse details yn de oersetting fan *leafdedea* yn it Nederlânske *Liefdedood* (*Liefdesdood* hie in krekttere oersetting west) is te merkbiten dat de Frânske oersetting fan Agnes Caers folge is (*Amouramort*). Ofgeande op de krakkemikkerige oersetting kin net oannommen wurde dat de Flaamske oersetter Jan Mysjkin dizze makke hat.

Wa't it al dien hat bliuwt in fraachteken, mar dizze oersetting – en ik nim oan in part dêrfan yn it Ingelsk yn ferbân mei de Buchmesse fan oktober 2013 – koe dêre op dy grutte boekemerk gjin rol spylje, omdat de kwaliteit gjin besjen lije kin. It is yn ien wurd abominabel.

Dizze prachtige lytse Fryske roman fan homme ernstma is net allinne oantaast troch it weilitten fan it lêste haadstik yn it Nederlânsk, mar ek folslein skeind wurden troch de poerminne oersetting yn it Nederlânsk.

Agnes Caers (eignaresse fan it manuscript), Teake Oppewal, Alpita de Jong en Jan Mysjkin – (nei- en bewurkers neffens de DBNL) - hawwe in Frysk literêr juwiel oantaast en kapot makke yn de Nederlânske oersetting. Dat DBNL hjir oan meiwurke hat, makket it helendal tryst, en noch slimmer. Dêr hiene se dochs sjen kinnen dat dit Nederlânsk taalgebrûk ynferieur is – in fodde.

De oersetting tilt op fan stylbreuken, stylwiksels, tafoegings om it mar saneamd Frysker te meitsjen, keunstmjittich âlderwetsk Nederlânsk om de autentisiteit fan de 18<sup>e</sup> ieu op te roppen, frisismen, bryk Nederlânsk en is benammen ophege mei in soad adjektiven dy't net yn it orizjineel foarkomme, en fakentiids ta de styl behearre fan lju dy't net wend binne te skriuwen, of fan lju dy't alles saneamd poëtysk meitsje wolle (sa't Frou Caers hjir yn har neiskrift bewearst op it stek fan DBNL). Soms is der sinsuer tapast as it orizjineel te frijmoedich is.

Ik haw de Nederlânske tekst oernommen fan de DBNL-siden en printe, en neirûn op aparte saken, tafoegings dy't nearne op slaan, en foaral sjoen nei it fakentiids tige breklike Nederlânsk dat brûkt is. Ek hoe't it literêre karakter fan it boek bewurke is, en ûnderút helle. Frou Agnes Caers dy't it manuskript kocht hat fan Van Heemstra, en dus eignaresse is, praat oer in godliker en poëtysker ferzje nei de yngrepen fan har kant yn de Frânske edysje en no ek yn de Nederlânske útjefte op DBNL.

It poëtyske elemint haw ik net sjoen, mar it is wier, it KFFB-elemint is yn de ferzjes fan Caers tanommen. Dat godlike dêr't Van Heemstra de gek mei hie, want op in pypfol, krijt no mear de klam. Mar de godlike spirit fan Caers koe de surrealistyske eleminten net folslein likwiderje, sadat it no wol in heel spoekerich boek wurden is.

## **MEAR FOARBYLDEN FAN BREKLIKE OERSETTINGS** (samar in kar)

s. 11 *fr*: Yn 'e fierte boldere in lege heawein oer de dyk by de feart lâns.

*nl*: In de verte denderde een lege hooiwagen, in draf getrokken door een diepzwart Fries paard, over de weg langs de vaart.

*fr*: In skipper tûtere foar de brêge. Doe wie it stil.

*nl*: een schipper toeterde voor de brug, drie keer, lang en klaaglijk. Toen was het stil.

*fr*: Allinne kweake inkeldris in iensume froask. Syn lûd wie it hoeden begjin fan it libben, dat him net earder as by jûntiid oppenearje soe.

*nl*: Geen vogel zong. Geen blad bewoog. Zo nu en dan kwaakte een eenzame kikvors, het omzichtigte begin van het overweldigende liefdesconcert, dat strak bij het vallen van de avond de lucht zou vervullen.

Opm: libben is hjir leven en net lawaai. Fierder is it de oanset ta it barokke taalgebrûk sa't dat fierder hantearre wurdt. Ik nim oan dat wat Agnes Caers neamt it *meer poëtische aspekt* - 'een overweldigend liefdesconcert' - de op 'e rin sleine fantasy fan Caers is.

s. 12 *fr*: Hja naam de izeren bouten foar de lûken wei en treau dy fansiden.

*nl*: Zij nam bij ieder raam de ijzeren bouten voor de luiken weg, om die daarna te openen en naar binnen te vouwen.

*fr*: Mei opsetsin wie de seal de hele moarn tichtlitten, omdat de sinne der op stie.

*nl*: Met zorg was de zaal de hele ochtend dichtgehouden.

s. 13 *fr*: It wie wiswier in keunst om by it sitten gean de tournure krekt ynflappe te litten.

*nl*: Het was een grote kunst om bij het gaan zitten de tournure op de juiste manier te laten flappen.

s.14 *fr*: Beide wiene de fjirtich al foarby.

*nl*: Beiden waren hun veertigste genaderd.

*fr*: Dochs hiene se jitte in bern krigen.

*nl*: Toch kregen ze nog een kind, wat door iedereen als een mirakel werd beschouwd.

*opm*: Caers woe it ferhaal godliker meitsje, en ek wonderbaarlijker, dêr sil dit wol mei te krijen hawwe, sjoen it wurd mirakel.

*fr*: Hja wie de dochter fan in ferneamd Rotterdamsk bankier, dy't yn Den Haach wenne.

*nl*: Zij was de dochter van een bekend Amsterdams bankier.

*opm*: de Fryske ferzje is tink te autobiografysk, dat fûn de famylje net aardich.

*fr*: Hwat dat oanbelange skaaide de lytse Wibe Watse nei it memmelaach, tocht him.

*nl*: Wat dat betreft, dacht bijzichzelf de heer van Holdinga, aardde zijn kleine Wibe naar zijn vrouw en haar familie.

*opm*: Hoe't je oars tinke moatte as by jinsels is my net dudlik.

*fr*: Doe't Wibe syn kûmke krige, sei er: 'Tee yn 'e kelder,' oars net.

*nl:* Toen Wibe zijn thee kreeg, opperde hij wijsneuzig: ‘Thee in de kelder.’


*fr:* Ale van Holdinga seach op syn horloazje en sei: ‘Dy binne ornaris net sa betiid!’

*nl:* Zijn vader trok het horloge uit zijn vestzak, keek hoe laat het was, en toen, met een nors gezicht: ‘Die zijn niet zo vroeg.’

Dan komt der in fantasearre Caersfragmint:

‘De kleine Wibe rende uit de klamme stilte van de zaal naar buiten. En daar stond hij in de zwoele buitenlucht. Hij voelde zich verlaten en verloren, overstelpt door de hitte en de grootsheid van het eeuwenoude geboomte. Van een lage tak bekeek een dikke duivin hem moederlijk en koerde zachtjes.’

Ditsoarte fan taal – folplempt mei adjektiven dy’t mei it jonkje neat te krijen ha – sjogge je yn de hele oersetting. Gedachten en praat fan folwoeksenen yn de hollen fan it jonkje Wibe en it famke Eabeltsje. Yn it orizjineel komt it net foar, en is it wis minder oerdreaun. It is faaks it *poëtyske* elemint fan Caers – neffens my is it folslein kitsch.



*Actes Sud* (Arles), 1997 – Frânske edysje

**NOCH MEAR FOARBYLDEN FAN IT NET KREKT FOLGJEN  
FAN IT ORIZJINEEL EN FAN OP SYN MINST BREKLIK EN  
ALDFRINZICH NEDERLÂNSK TAALGEBRÛK** (Haadstik I,  
1+2)

Allinne by de earste seis foarbylden ha ik opmerkings tafoege.

‘Eabeltje zat stilletjes te dromen en te loeren’ (Is yn himsels tsjinstridich, mar yn it orizjineel stiet it ek nochris sa; ‘Hja sei it fansels net, mar hja hie har al in hiel skoft ferskûle under de linebeammen foar de state om wat te dreamen en tagelyk oan ’e weet te kommen hwet dêrrre allegear te belibjen wie.’)



‘Ze plaste driftig op het pad, de buik dreigend naar voren.’ (Nonsens, je bent driftig, en plast - of - je plast, en wordt driftig, want er komt geen eind aan, zodat je je buik dreigend naar voren duwt om er spoed achter te zetten’. Mar wat stiet der eins yn it orizjineel: ‘Hja wetter foar him op it paad.’)

‘Het blonde haar golfde in wilde wanorde.’ (It orizjineel jout: ‘It ljochte hier hong wyld oer it skouder hinne.’)

‘Ze krabde met een grote teen in de rulle grond.’ (Soe wêze moatte: ‘...met haar grote teen...’)

Wibe had het vanzelsprekende voorrecht. (Orizjineel: ‘Wibe hie it bysûndere foarrjocht’)

‘Alleen als het met de aardbeien gedaan was.’ (Orizjineel: ‘Allinnich as der gjin ierdbeien mear wiene.’)

‘Dromerig staarde zij naar boven, de ogen gericht op de onbestemde schemering van het bladerdak. Onmiddellijk was Eabeltje klaarwakker.’ (Mar dat is folslein wat oars as wat it orizjineel jout: ‘Moai,’ sei Eabeltsje, ‘jou my dyn knyft, want mei it sim kin men net sekuerdernôch omspringe, seit ús heit as er te angelfiskjen west hat.’ It wurd *sim* betsjut hjir *nâlestring*. It is hjir essinsjeel, want Eabeltsje hat krekt in bern krigen, Wibe seach sels it kopke kommen. De sêne is yn it de Nederlânske oersetting ferdwûn.)

Ondertussen peuzelde Wibe voorzichtig de grootste helft van de aardbei.

Zwijgend snoepte hij verder aan zijn aardbei.

Torren kwamen druk scharrelend uit de mest onder de frambozen aanmarcheren. Een groene specht vloog lachend over hen.

Daarnaast lagen twee grote vijgenbladen bij wijze van bordjes.

Eabeltje verwaardigde zich niet om op die plagerijen in te gaan.

Een stukje verdord gras stak hij in de vijg.

Daar bond hij de twee stokpoten mee vast.

Ze greep frambozen uit de bloempot naast hem.

Hij schepte er wat van op de bladen.

De soep bekwam best.

Zwijgend en ernstig aten ze het vlees. 'Ik ben boordevol. Ik kan er met de vinger bij,' zei Eabeltje trots en tevreden.

Wibe die kleiner van postuur was, trok ze over zich heen.

Een sterke, kruidige geur van zweet kwam bedwelmend op Wibe af. Ze schoof Wibes broek naar beneden. Wibe kon zijn manlijkheid nog maar nauwelijke stijf houden.

Nu moet ik bevallen, ik ben in de eerste maand (i.p.v. ik ben in verwachting).

'Dan zullen we het hebben,' zei ze, als was ze haar eigen buurvrouw. (No sil it heve?).

Ze nam dorre bladeren en duwde die onder haar jurk (droge?).

Bij haar zesde maand rende ze van onder de vijgeboom vandaan. Uit zenuwachtigheid verloor ze al haar blad.

Onderwijl verloor ze haar hooi.

Brandnetels trok ze kermend en zuchtend met wortel en al uit de grond langs de gracht.

De hele natuur kwam in rep en roer. Een reiger vloog krassend van verontwaardiging weg. Waterhoentjes stoven schreeuwend de gracht over. Een ringslang uit de wallenkant verdween geruisloos in het water.



*TDE (Tresoar, DBNL, Elikser)* – nije biblioteek, 2011 – 3<sup>e</sup> printinge Frysk

## KONKLÚZJES

Yn de bylagen fan Agnes Caers – eignaresse fan *leafdedea* – dy't op DBNL publisearre binne (1. Neiwurd 1995; 2. Foarwurd 1997; 3.

Neiwurd 2013, allegearre oersetten troch Jan H Mysjkin) wurdt oer de roman as sadanich yn feite neat sein:

Caers wurdt oan ‘Baron Van Heemstra’ foarsteld troch in âlde freon fan de skriuwer, Federico Krutwig Sagredo – in Baskyske linguïst, politikus en skriuwer. Caers fertelt net dat se mei dizze Bask troude west hat en op dy wize yn kontakt kommen is mei de Baskyske utopy en grutte myte, mei de dreamers en de killers fan de Eta.

Dizze Krutwig hat mei oan de widze fan de ETA stien, moast útwike nei Frankryk, dat him yn 1964 útsette nei België (Brussel en Leuven, dêr’t in soad Basken studearren op kosten fan de Roomske tsjerke).

Krutwig hie kontakten mei Tsjechyske wapenhannelers. Yndirekt hie Van Heemstra dêr ek mei te krijen.

Yn ’67 of ’68 frege Van Heemstra my om him yn Parys te fertsjintwurdigjen op in konferinsje fan minderheden út Ierlân, Baskenlân, Dutslân, Bretanje en noch wat regio’s. Hy koe net want de BVD siet him op ’e bealch. Op dy konferinsje waarden strategyen úttocht en besprutsen om rjochten te krijen, eventueel mei wapens. Dat ik elke dei lesjoech en net samar even op en del nei Parys koe, woe der by him eins net yn. Hy fûn it wichtich dat Fryslân dêr fertsjintwurdige wie.

Dyselde Krutwig leaude yn de fanatasearre myte fan in Baskyske byldhouwer, Jorge Otieza, dy’t sels it Baskysk noch aktyf noch passyf behearske, mar wol teoryen hie oer de Basken as âldste folk yn Europa, as hoeders fan de alderâldste kultueren, goaden en de Baskyske taal as godlike jefte en unikum yn de wrâld.

Caers no wol *leafdedea* yn dy mytologyske wrâld sette, en skriuwt yn har neiwurd (DBNL) dan ek oer it Oera Linda Boek dêr’t Van Heemstra yn in oar ferbân wolris wat mei dien hat. Caers praat yn datselde neiwurd oer ieuwenâlde goaden en perfekte leafdes, praat dêroer mei Van Heemstra yn har tún yn Leuven ûnder it genot fan in gleske izarra (Baskysk elikser, goadendrankje, út Frânsk Baskelân).

‘It Frysk fan *leafdedea* is de taal fan it ierdske paradys’, skriuwt Caers. Even letter: ‘Homme Ernstma hat de mytology nij libben ynblaasd, en it Frysk fan *leafdedea* is in taal dy’t in ferjongingsboarne is.’ Agnes Caers en Van Heemstra rinne dan ek lykas Wibe en Eabeltsje troch de tún yn Leuven (neiwurd DBNL). Faaks ha se lykas

Wibe en Eabelle even boarte yn de tún, want dat is ommers it libben, neffens Caers.

Yn dit neiwurd wurdt noch al sein dat de kritikus Atte Jongstra (de surrealist) Georges Bataille werkende doe't er in fragmint út *leafdedea* lies yn it *Fries stamboek – 500 jaar proza uit Friesland* fan Alpita de Jong, en ek wurdt skreaun dat 'de echte Paryske boarne foar it eroatysk universum fan *leafdedea* André Pieyre de Mandiargues' is. In surrealist pur sang sa't ik oantoan yn myn analyse yn *Frozen moonlight yn myn hannen* (2013). Op de achterflap fan de Frânske edysje wurdt trouwens ek nei De Mandiargues (1997).

De oersetter Jan H Mysjkin hat neat mei de Nederlânske tekst te krijen sa't suggerearre wurdt. Alpita de Jong is meiferantwurdlik foar dizze mytologyske flauwekul. Tresoar (c.q. Teake Oppewal, 'literatuerbefoarderer' skriuwt Caers) is ferantwurdlik foar it opnimmen fan in korrupte tekst yn de 3<sup>e</sup> Fryske edysje - as bylage + de ferantwurdiging en teory fan Caers as neiwurd - , sadat Caers by steat wie en interje DBNL mei in skeinde a-literêre Nederlânske oersetting fan *leafdedea*.

Tresoar is ek ferantwurdlik foar it likwidearjen fan de 'surrealistyske' analyse troch de KU yn de 2<sup>e</sup> Fryske printinge (Piter Boersma, Teije Brattinga, Trinus Riemersma, Josse de Haan), omdat Tresoar akkoard gongen is mei de easken fan Caers, dat dy analyse net opnommen wurde mocht, op straffe fan in gong nei de rjochtbank yn Ljouwert. Yn de literatueropjefte komt dy analyse dan ek net foar. De saneamde wittenskiplike mytologyske nonsensferhalen fan Caers en De Jong hawwe *leafdedea* de literêre krêft ûntnommen.

*Leafdedea* is op gesach fan in outsider in mytologyske/mytyske roman wurden, analooch oan de Baskyske teoryen en mytologiën sa't Caers dy heard hat fan har Baskyske kompanjon, oanfolle mei mear godlikheid en poëzy à la Caers. Mei oare wurden, *leafdedea* is no in soarte fan kffb-romantsje wurden mei in mytysk sauske, in soarte fan Oera-Linda-Boekje, skreaun yn in alderbelabberst Nederlânsk. It boek hat gjin nije struktuer krigen – ik koe alles side nei side neirinne oan de hân fan de orizjinele tekst - allinne haadstik V is skrast. Neffens my in essinsjeel haadstik yn de oarspronklike roman.

**VAN HEEMSTRA ANALFABEET YN IT NEDERLÂNSK?**

Caers bewear dat Van Heemstra sels al oersetend nei it Nederlânsk *leafdedea* werskreaun hat, en dat dy ferzje – plus neiwurk fan Caers, De Jong en Mysjkin - by DBNL ferskynd is.

Dat soe betsjutte dat Van Heemstra it Nederlânsk skriftlik net behearske, want de oersetting is pulp. It is ek te begripen dat sa'n oersetting it op in Buchmesse nea oprêde koe.

Dat de oppersutelster fan Fryske boeken op de Buchmesse – Alpita de Jong – dizze breklike oersetting akseptearre, en yn gearwurking mei Tresoar in oerset part oan de 3<sup>e</sup> Fryske printinge tafoege hat, is ek ûnfoarstelber.

De roman mocht koste wat it koste gjin **surrealistyske** roman mear wêze, en is no nei de yngrepen (neffens Caers op DBNL) godliker en poëtysker wurden. Foaral ek mytysker. Ik haw dat net sjoen en lêzen. It iennige wat ik sjoch is in folslein skeind boek yn it Nederlânsk, dat gjin inkelde literêre wearde mear hat.

Hoe koe DBNL hjir akkoard mei gean? Oer de rol fan Alpita de Jong en dy fan Teake Oppewal hoege gjin wurden mear smoarch makke te wurden – dy rol is fier ûnder de mjitte. As dit literatuerbefoarderjen anno 2014 is dan fersjoch ik in nije ramp mei de Buchmesse fan 2016 as Nederlân (en Flaanderen, ynklusyf Fryslân) gastlân is.

De literatuerbefoarderer hat it yn ferbân dêrmei oer 'hottefyljen' (LC). Ja, dat wurdt it as je sels gjin idee ha oer moderne literatuer en âlde meuk nei de Frankfurter Buchmesse stjoere sa't yn 2013 bard is, en foar in klassiker as *leafdedea* romte jouwe om te fernielen.

Lit : *Frozen moonlight yn myn hannen*, Elikser, 2013 (s. 204-222);  
(Oer de oantaasting fan *leafdedea* – diel 1).

NB: De Nederlânske oersetting is te finen op DBNL (Digitale Bibliotheek van de Nederlandse Letteren), en is net as boekútjefte ferskynd en hat dêrfandinne gjin boekomslach.